provinsje fryslân
provincie fryslân

postbus 20120
8900 hm leeuwarden
tweebaksmarkt 52
telefoon: (058) 292 59 25
telefax: (058) 292 51 25

www.fryslan.frl
provincie@fryslan.frl
www.twitter.com/provfryslan

provinsje fryslân

Feriening Frysk Underwis
o.f. dhr. drs. Th. Dykstra (foarsitter)
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Ljouwert, 5 desimber 2017
Ferstjoerd, - 6 DEC. 2017

Ús merkteken : 01471490
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal
Opsteld troch : E. Duijff / (058) 292 51 94 of e.duijff@fryslan.frl
Jo merkteken : -
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : reäksje op jo brief oer de posysje fan it Frysk yn Curriculum.nu

Achte hear Dykstra,

Tige tank foar jo brief fan 19 novimber 2017 oer de posysje fan it Frysk yn de opset en útwurking fan in nij kurrikulum foar it primêr en fuortset ûnderwiis.
Jo brief is op 23 novimber 2017 by ús ynboekt ûnder nûmer 01470568.

Yn jo brief sprekke jo jo soarch der oer út dat it Frysk net meinommen is yn *Onderwijs 2032* en letter ek net yn *Curriculum.nu*. Yn 2018 sille sa'n 150 dosinten en skoallieders en goed 80 skoallen har yn ûntwikkeltiims bûge oer wat bern kenne en kinne moatte yn it primêr en fuortset ûnderwiis foar njoggen kearngebieten. It is ús bekend dat it Frysk yn dy kearngebieten net neamd wurdt.

Begjin 2017 hawwe wy dêroer kontakt hân mei de PO-raad. Dizze Rie hat ús witte litten: "We zijn ons ervan bewust dat de bevoegdheid voor het herzien van kerndoelen Fries bij de provincie Fryslân ligt. Over de noodzaak om tot herziening van de kerndoelen Fries over te gaan heeft de commissie Onderwijs2032 zich niet gebogen, dat oordeel laten wij graag aan de provincie." Dêr fine jo de reden wêrom't it Frysk net meinommen is foar de ûntwikkeltiims. Sa't jo ek witte leit dat foech om de kearndoelen te fernijen (nei oerlis mei it ûnderwiis en goedkarring troch de minister) yndie by de provinsje Fryslân.

No't der lanlik sjoen wurdt nei in fernijing fan it kurrikulum foar njoggen kearngebieten, dy't dan ek boustiennen opsmite moat foar aktualisearring fan de kearndoelen, fine wy it tige wichtich dat it Frysk hjirby meinommen wurdt.
Dêrom hawwe wy fan 't maityd in kertiermakker socht dy't foar ús útsiket hoe't it der mei de aktualiteit fan de kearndoelen foar it Frysk hinne leit en hoe't we mei it fjild dan nei fernijing sjen kinne. As dy ynventarisaasje makke is kinne wy besjen wat der dien wurde moat. Dy

Ús merkteken: 01471490

provinsje fryslân
provincie fryslân

wurkwize is op it stuit noch net bekend, mar wy wolle der nei stribje dat dy safolle mooglik oanslút by de lanlike wurkwize.

It is jo bekend dat wy mei Taalplan Frysk in 0-mjitting útfiere litte om der achter te kommen wat krekt de stân fan saken is oangeande it Frysk yn it ûnderwiis. Wy ferwachtsje dat foar de simmer fan 2018 de útkomsten bekend binne. Taalplan Frysk is in ambysjedokumint, dêr't de skoallen mei te set moatte, benammen as se net op in A-profyl útkomme.
Wy tinke dat de útkomsten fan de evaluaasje tige goed brûkt wurde kinne by in fernijing fan de kearndoelen, dy't neffens ús perfoarst net op in leger nivo útkomme meie as sa't se no binne.

By Curriculum.nu binne se der fan op 'e hichte dat wy foar it Frysk dwaande binne mei in ferkenning en dat wy yn tiid tagelyk mei de lanlike kearngebieten meinommen wurde wolle.

Wy ferwachtsje dat wy hjirmei de fragen yn jo brief foldwaande beäntwurde hawwe.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sikretaris

provinsje fryslân

Ús merkteken: 01471490